

## Jûn ha wij yn Idzegea

Jûn ha wij yn Idzegea it ljocht útswaaid  
en koe mei koarting fan de hjerst  
't idee fan simmergoud begjinne –  
dêr fleach de langste dei al hinne,  
as hie wat komme soe al west,  
in smjunt de rutsen halzen stil de nek omdraaid.

Jûn ha wij yn Idzegea de wurden heard  
en kamen dichters foar it front,  
itsij trochtaastend of timide,  
mar elk hie weet fan oare tiden:  
de taal dêr't hurd in ein oan komt  
as nachts de stjerreloft it op in snijen set.

Jûn ha wij yn Idzegea it baarnen sjoen  
en spatten fonken út in koer  
om nije hertstocht oan te jeien,  
in byld fan winterjen te krijen  
mei spuonnen om in tsjerketoer,  
it each fol fjoer fersplintere yn 't heechseizoen.

Jûn ha wij yn Idzegea de winter field  
en stiene bylden op it flues:  
in deastek om behâld fan uny,  
de kâlde achterkant fan juny,  
foar even myld troch impromptu's  
wêryn't it strykkwartet mei ús de waarmte dielt.

Eppie Dam

Op 18 juny 2016 organisearre de Gerben Rypma Stifting wer syn jierlikse Midsimmerjûn, diskear oan de Idzegeaster Poel. Twa dagen earder waard yn Birstall de Ingelse politika Jo Cox fermoarde fanwege har pro-Europa stânpunt. It wie yn deselde tiid dat Miek Smilde har poëzydebút *De achterkant van juni* publisearre.